

Berga nimt te folle hea op de foarke

f206-0-5

troch Gerbrich van der Meer

In *crime passionel* soest it neame kinne. Of miskien in foarm fan earwraak. Yn twa fan de trije ferhaallinen kriget de lêzer yn *Eilândochters*, de nijste roman fan skriuwer Wilco Berga, in moard foar de kiezzen. Alhoewol't dy lêste wol wat oer it mad komt.

Eilândochters bestiet út trije ferhaallinen, dêr't broer Arend en sus Eelkje de haadrol yn spylje. De earste ferhaalline spilet yn 1991, de twadde tsien jier letter, yn 2001. De tredde line fynt ein 2001 plak en bestiet út koarte tekstfragminten. Al dy trije linen hat Berga mei elkoar ferfrissele sadat de lêzer letterlik fan it iene yn it oare ferhaal falt. Foar it goede begryp alle trije linen efkes op in rychje:

Ferhaalline 1: De achttjinjierrige Arend moetet yn de simmer fan 1991 Lars, in keunstsinnige jonge dy't graach by see skilderet. Wylst syn leavelingssus Eelkje yn de betsjoening rekket fan Lars, kin Arend syn eagen net ôfhâlde fan Nora, in healsus fan Lars. Dat kwartet lûkt in fakânsje lang mei elkoar op dêr't gleonens en erotyk foar master opslacht. Dan wurdt Lars ûnferwachts dea yn de dunen fûn. Efter it hoe en wat komme de eilânbewenners net.

Mar Arend en Eelkje witte mear. (Lars hat in spraaktik. It is ferrassend en dryst fan Berga dat er de jonge sa yntrodusearret, tagelyk is it konfrontearjend nei josels: de jonge yrritearret dêrtroch.)

Ferhaalline 2. Arend, dy't tsjin de tritich rint, sit yn Spanje en kriget te hearren dat syn heit stoarn is. Mei syn heit wie Arend net de bêste freonen. Generaal en diktator (side 22) neamde er him as foarhinne wol. Heit, wurdearre oanimmer op Skylge, soe in misliksma wêze. Hy soe Arend tramtearre hawwe mei syn delbûgende wurden en troch him soe Arend tsien jier lyn fan it eilân set wêze. Dochs giet Arend werom nei Skylge foar de begraffenis en nimt syn Baskyske faam Arantxa mei. Dy relaasje hat al foar de nedige komplikaasjes soarge. Har eks Xabier kin it nammentlik net sette en bedriget Arend serieus. Ek Eelkje dy't yn Malta in bestean socht hat, komt werom. Werom op Skylge stiet yn de tariedingsdagen nei de begraffenis ta frjemd genôch net heit sintraal, mar de dea fan Lars. De oare sussen lizze Eelkje en Arend it fjoer nei oan de skinen, mar it twatal jout gjin krimp oant Eelkje har net mear stil hâlde kin.

Line 3: Yn koarte *flash forwards* is de lêzer tsjûge fan it amtlik ûnder-

freegjen fan Arend en Eelkje út it ik-perspektyf wei.

Geheim

Yn de húshâlding dêr't Arend en Eelkje yn grut wurde, riert eltsenien der bytiden raar yn om. Heit en mem hawwe in ferstânshoulik en in twadde libben bûten de doar; Arend wurdt om 'e nocht as opfolger fan syn heit sjoen wat wer de nedige spanning jout; Arend en Eelkje binne twa hannen op ien búk dy't in geheim meidrage.

Tsien jier letter binne de komplikaasjes allinnich mar tanommen: de moard yn 1991 is as in moker yn-slein by de húshâlding en hat yn de tuskenlizzende jierren soarge foar in oanhâldende spanning mei minimaal kontakt; dêrneist liket mem net mear goed by sûpe en stút te wêzen; suster Diny is lesbysk dêr't guon muoite mei hawwe; suster Geartsje ferdrint yn har fertriet om har ferstoarne man; Marten, de man fan sus Mare dy't al jierren yn it bedriuw sit, wurdt nei de dea fan heit troch Arend en Eelkje negeard om't er oantroud en net-eilanner is.

Wie it yn Eilândochters bleaun by de ferhaalline fan simmer 1991 en hie Berga de roman presintearre as jongereinboek, dan hiene der oare mjitstêven west. De út en troch op-

fokte sfear, it gjin blêd foar de mûle nimmen, de 'gebektheid', de preoekкупаasje mei seks, de swart-wyt tsjinstellingen, kinne ferdigene wurde as passend by dy doelgroep.

Mar Berga passet datselde prozedee ta yn syn twadde ferhaalline. Arend bliuwt in ûnfolwoeksen puber nei syn famylje ta en is nei tsien jier figuerlike en letterlike ôfstân gjin stap fierder kommen.

Ynstee fan te kiezen foar in psychologyske ûntjouwing fan Arend en/of Eelkje hat Berga yn de twadde ferhaalline in hiele húshâlding yntrodusearre dy't syn eigen ballast meinimt en de lêzer ôfliedt fan it haadferhaal. Want wat drage al dy besonjes fan dy oare trije sussen by oan wêr't it wêzentlik om giet, de konfrontaasje mei it ferline. De rjochtfeardiging foar it yntrodusearjen fan de eks fan Arantxa is ek minimaal. Sels Arantxa hie net nedich west.

Dan hawwe wy it noch net iens hân oer de heit. It puberale ferwynt oan it adres fan Arend syn heit stiet tsien jier letter noch rjocht oerein. Syn dea bringt dêr sels gjin feroaring yn. Wy fine by Arend en ek by de fierdere famylje gjin momint fan refleksje of besinning as se de begraffenis tariede. Net heit, mar de moard dy't noait oplost is, stiet sin-

traal. Wêrom't Berga dy relaasje tusken Arend en syn heit sa problematysk makke hat, wurdt dan ek net dúdlik.

Uteinlik kin Eelkje har net mear stilhâlde oer de moard. Neidat se earst in oerdwylsk ferhaal ophongen hat oan har sussen fol mei leagens en yntime details, fertelt se de wiere tadracht. Fan Arend wurdt de lêzer lykwols neat gewaar. Op de prykjen-de fraach wat de dea fan/ moard op freon Lars yn al dy jierren mei Arend dien hat, kriget de er dan ek gjin oandert. Uteinlik is foar Arend de eks fan Arantxa as in soarte fan *deus ex machina* nedich om him mentaal te brekken.

Al mei al oertsjûget de twadde ferhaalline perfoarst net. As in jongleur smyt Berga allegearre baltsjes op, mar ferjit se wer op te heinen. De measte yntrodusearre personaazjes bliuwe flak en skematysk. De ferskillende fertelperspektiven, ûndúdlike symbolyk en losse triedden yn it ferhaal meitsje it der net better op. Ek de ôfrin komt forsearre oer. Mei Eilândochters hat Berga te folle op priemmen set. Dêrtroch is er de grip kwytrekke op wat er eins woe mei syn ferhaal. In diznich boek is it riseltaat.

Eilândochters, Wilco Berga. Utjouwerij Fryslân, 2004, priis: 15,90.